

It Himmelbouwerke

Arjen Dijkstra

Mei yllustraasjes fan Mark Hektor



BORNMEER

Stel dy foar datsto yn it gers leist.
Der binne gjin wolken
en it is tsjuster om dy hinne.
Sjochsto al dy stjerren en planeten?





Do stekst dyn
hân út en besikest
ien te pakken te
krijen, mar dat
slagget net, om't
de stjerren te fier
fuort binne.

Kom no
op bê-êd

Mar ik ha
him hast!

Lang lyn besocht Eise Eisinga ek de
stjerren oan te reitsjen. Hy libbe foardat der
fleantugen en romteskippen wiene.



Yn dy tiid rûnen
de measte minsken
noch op klompen.
En allinnich de fûgels
koene fleane.

